

Knap wurk, foar in hûn

OERTINKINGEN JELTE BOS GJIN KATAAI

De suffert, dat is dy fint dy't ik haw om de doarren foar my iepen te dwaan en de itensbak fan my en myn broer moarns en jûns fol te smiten, de sufferd, sei ik, freget my wolris faker oft ik in resinsje foar him skriuwe wol, mar ik meitsje him dan ornaris dúdlik dat er opfleane kin. As men ien bôek lêzen hat, hat men se allegear lêzen, dat witte wy as katten allang, en boppedat mei ik der meast min oer as men my yn myn ferheven meditaasjes steurt.

Mar hawar, foar ien kear haw ik in útsûndering makke, omdat it dizze loop giet om in ferhaal fan in bist. Bisten binne trochinoar fierwei superieur oan 'e minske as it giet om it oannimmen fan in ferstannige hâlding foar it libben oer en om filosofysk ynsicht. Dochs wurde se troch dyselde minsken meast ôfskildere as heale kloaten dy't net oan tsien ta telle kinne en fan foaren net witte dat se fan efteren libje en soks is fansels in bespotlik fersin.

It ferhaal hyt 'Tinzen oer it libben en de dea' en it wurdt dien troch in hûn mei de namme Jelte Bos, dy't yn dit boek ek in tal kearen portrettearre wurdt. Jelte is oan 'e iene kant, lykas wy katten plichtsje te sizzen, in typyske hûn. Dat wol sizze it is in frij ûnwis en ôfhinklik bist dat him graach troaie lit troch de lju by wa't er ynwennet. Lykas de measte hûnen tjirget er him graach wat út mei in stôk of in bal, dingen dêr't wy katten ús allinne yn ús earste libbensmoannen mei dwaande hâlde. En dan dy ôfgryslige oanwenst om midden op 'e dyk te skiten, foar it each fan elkenien, ynstee fan jins ôfgong fetsoenlik te bedobjen!

Dochs moat ik tajaan dat Jelte foar in hûn hiel wat mânsk is. Sa lit er him aldergeloks amper keunstkes oanleare op 'e feardichheidstraining en ferhipt er it om moai te sitten en te bliuwen en him fêstbine te litten by de supermerk en al sokke slaafske hûnedingen mear. It foldie my ek skoan dat er graach de spot driuwt syn 'omkoal' - sa neamt er de suffert dy't by him de itenspanne foldocht. Oan sokke dingen fernimt men dan al gau dat it hjir giet om in hûn dy't yntelliginter is as de measte fan syn rasgenoaten.

Mar Jelte stekt noch it meast boppe himsels út as er oer de minske yn 't generaal op 'e tekst komt. Dan seit er dingen dy't sa wier en wiis binne, dat - en elk dy't my kin wit dat ik soks net gau út 'e bek krij - sels in kat it him net ferbetterje kinnen hie. Hy seit bygelyks fan 'e mins dat it in ûnnoazele hals is,

dy't him ferbyldet dat er de kroan op 'e skepping is en dy't erflik oan it wrotten is omdat er net by steat is om it libben te nimmen sa't it is. „Wat hat sa'n minske dan foar by my dy't it meastepart op syn loaie bealich lein hat?” skriuwt Jelte. As kat sis ik dat er dêr de mûs krekt mei ûnder de klau hat.

Jelte waard op in dei raar doe't er oan it swimmen wie yn 'e Skalsumerfeart, en hy wie dea rekke as syn omkoal him net út it wetter helle hie. Mar op it stuit dat er sawat fersûpte, hie er in wûnderlike ûnderfining. Hy fielde leafde foar it libben en foar syn omkoal en tagelyk koe er de dea oanfurdigje. En sûnt dy dei begûn Jelte oer it libben en de dea nei te tinken en syn ierdske filosofy yn wurden te jitten.

Veenbaas, dat is dy suffert dy't hjir by my yn tsjinst is, wol hawwe dat Jelte syn nofteren fizy op it libben wol wat tinken docht oan it libbensútsjoch fan guon romanfigueren fan Trinus Riemersma, bygelyks dat fan Ake yn 'Nei de klap' en fan Marten yn 'Jest yn 'e Ardinnen'. Mar dy Trinus Riemersma is de omkoal fan Jelte, en it wurdt my yn 'e rin fan dit boek wol dúdlik dat dy Jelte wol twa kear om syn omkoal hinne kin, dus it is gekkepraat om te sizzen dat er dingen ûntliet oan dy syn romanfigueren. Dan wol it my noch earder oan dat Riemersma by it skriuwen fan dy boeken help hân hat fan Jelte of ien fan syn oare hûnen.

Om ien ding haw ik wol laitsje moatten, en dat is it feit dat Jelte himsels ateïst neamt en tagelyk de mooglikheid iepen hâlde wol dat God bestiet en diel fan syn bestean útmakket. Wy katten neame ien dy't sa oer God tinkt gjin ateïst mar in agnostikus, dat wol sizze ien dy't yn begjinsel úthâldt dat er net wit hoe't it sit. En dan gnuve we fuortdalik om sok stammerjen, want wy katten witte no ien kear ál hoe't it sit. As wy foar de kachel of yn it simmersintsje lizze te spinnen, dan bejouwe wy ús yn mystike ferieniging mei it Wêzen, dat de himel en de ierdeskepen hat en alle wêzens dy't op de ierde binne; mei it Wêzen dat sawol de mins as it bist ûndergeskikt makke oan ús, de katten. Dan binne wy ien mei Dyjinge dêr't wy út binne en dêr't wy nei ús dea ta weromkeare sille, dat is: de Iennichste, de Alderheechste en de Libbene Kat.

MOZES II DE KAT (MOOS)

JELTE BOS: *Tinzen oer it libben en de dea*, Koperative Utjowerij Boalserter, 80 siden, f19,50.